

Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes  
o.f. Mr. J.J.M. Uitermark  
Postbus 20011  
2500 EA DE HAACH

POSTADRES

Westersingel 4  
Keamer 0.11  
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.frl  
www.dingtiid.frl  
@dingtiid

Ljouwert, 13 novimber 2024

Achte minister Uitermark,

Kommende sneon is it 'Kneppelfreed', de dei dêr't yn Fryslân jierliks op betocht wurdt dat op freed 16 novimber 1951 in grutte kloft Fryskpraters mei de plysje yn gefjocht rekke oer it brûken fan it Frysk yn de rjochtbank. Dy 'Slach op it Saailân', sa't der ek wol oan referearre wurdt, hat alle lettere emansipaasje fan de Fryske taal yn gong set.

In wichtich ûnderdiel fan dy emansipaasje is ek it fersyk oan DINGtiid d.d. 5 july 2023 fan jo foargonger, Minister Bruins Slot, om, nei oanlieding fan moasje 36 200 VII, nr. 132, ûndersyk te dwaan nei de ynstelling fan in lanlik gremium foar it Frysk (jo kenmerk: 2023-0000342240). Dat ûndersyk ha we dêrnei opnaam yn ús rinnende Wurkprogramma.

Hjirby bied ik jo út namme fan it bestjoer fan DINGtiid, it ryksadvysorgaan foar de Fryske taal, de advysnotysje oangeande it ynrjochtsjen fan in Lanlike Kennistafel Frysk (LKF) oan. De deputearre fan taal en ûnderwiis fan de Provinsje Fryslân, Eke Folkerts, krijt dit advys tagelyk ek tastjoerd.

We betankje de Minister foar de advysfraach en tidigje op in fruchtber ferfolch derfan. De stap rjochting in lanlik gremium foar de Fryske taal sa't dy yn de advysfraach besletten lei en yn de notysje útwurke wurdt, mei gerêst histoarysk neamd wurde. We sille der kommende sneon, as de 73e betinking fan Kneppelfreed wêze sil, dan ek graach omtinken oan jaan yn de Fryske mienskip.

Mei freonlike groetnis,



Jan Koster  
foarsitter DINGtiid

Minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties  
t.a.v. Mr. J.J.M. Uitermark  
Postbus 20011  
2500 EA DEN HAAG

Leeuwarden, 13 november 2024

Geachte minister Uitermark,

Aankomende zaterdag is het 'Kneppelfreed' ('Knuppelvrijdag'), de dag waarop herdacht wordt dat op 16 november 1951 een menigte Friessprekers slaags raakte met de politie wegens het gebruik van het Fries in de rechtbank. Deze 'Slag op het Zaailand', zoals er wel aan wordt gerefereerd, heeft elke latere emancipatie van het Fries in gang gezet.

Een belangrijk onderdeel van deze emancipatie was ook het verzoek aan DINGtiid d.d. 5 juli 2023 van uw voorganger, Minister Bruins Slot, om, naar aanleiding van motie 36 200 VII, nr. 132, onderzoek te doen naar de mogelijke instelling van een landelijk gremium voor het Fries (uw kenmerk: 2023-0000342240). Het onderzoek hebben we vervolgens verdisconteerd in ons huidige Werkprogramma.

Hierbij bied ik u uit naam van het bestuur van DINGtiid, het rijksadviesorgaan voor de Friese taal, de adviesnotitie ten aanzien van een Landelijke Kennistafel Fries (LKF) aan. De gedeputeerde van taal en onderwijs van de Provincie Fryslân, Eke Folkerts, krijgt dit advies tegelijkertijd ook toegestuurd.

We bedanken de Minister voor de adviesvraag en rekenen op een vruchtbaar vervolg ervan. De stap richting een landelijk gremium voor de Friese taal, zoals die in de adviesvraag besloten lag en in de notitie is uitgewerkt, mag gerust historisch worden genoemd. We zullen er komende zaterdag, als de 73e herdenking van Kneppelfreed plaatsvindt, dan ook aandacht aan willen geven binnen de Friese gemeenschap.

Met vriendelijke groet,



Jan Koster  
voorzitter DINGtiid